Dat sille wy oer 10 jier sjen. Alex Ferguson krige ea de tiid om fan Manchester United wer in topklup te meitsjen. Hy die der 6 jier oer om foar it earst wer ris kampioen te wurden mei Manchester United. Uteinlik hat hy 27 jier by de klup sitten. Hooplik krijt Erik ten Hag ek de tiid om oan de klup te bouwen.

## Is Wout Weghorst it libbende bewiis dat je troch hiel hurd te wurkjen (hast) alles berikke kinne?

Hy is sawisa it bewiis dat je mei hiel hurd wurkjen in hiel ein komme kinne. Gie dit altiten op dan hie Sydney van Hooijdonk al by Real Madrid fuotballe. In bytsje fuotbaltalint is dochts ek wol wichtich.

### **Wat is der neffens dy foar nedich om saneamde supporters dy't net foar it fuotbaljen mar foar oare saken nei it stadion komme, te stopjen?**

Sawisa ris yn Ingelân heare hoe as sy dat dêr dien hawwe. Neffens my giet it dêr de lêste jierren best aardich en is der net folle geweld mear rûn it fuotbaljen. In meldplicht foar lju mei in stadionferbod en gebietsferbod soe al in moai begjin wêze. Miskien kin KICK-Jongenscoaching dan noch wat betsjutte op sa 'n 'meldkeamer'.

### **Hat de boargemaster fan Ljouwert gelyk troch gjin útsupporters mear ta te litten yn it Cambuurstadion?**

Hy moat wat om fjildslagen sa as by de derby te foarkommen en op koarte termyn is dit foar him wierskynlik de bêste opsje. Bin benijd nei de hânhavening yn dy sin dat der grif supporters fan oare klups al nei Ljouwert ôfreizigje.

### **Soe in fuotballer dy't nei eltse ynspanning it fjild ûnder stiet te flybkjen/snuten troch ha der by in sliding as oars wat, yn syn eigen en/as de sappen fan in oar leit te griemen?**

Lit ik sa sizze dat it op keunstgêrs blessures foarkomt....en ek foar de wjerstân is it hiel goed.

“Myn Napoli-kampioensbermuda hinget al te triljen yn de kast.”

### **Mochtest ea ek graach flybkje, noassnúte en sa no en dan in skeetsje litte yn it fjild?**

In skeetsje fan de (yn)spanning is my fêst wolris ûntglipt. Faaks stie ik sa'n ein fan de man ôf dat gjin ien der lêst fan hân hat. Flybkje en noassnute doch ik it leafst yn de goatstien as bûsdoek.

### **Ajax hat op't heden 'geld maar geen voetbal!' Wat moat der gebeure yn Amsterdam om dit te feroarjen?**

Mar wer ris begjinne by it begjin. Oftewol de jeugd in kâns jaan en dat oanfulle mei Súdamerikaansk temperamint en net oarsom.

### **Hast al in kreas Italiaansk pak útsocht foar it kampioensfeest fan Napoli begjin maaie yn Napels?**

Jawis! Ik ha al in Armani yn de kast hingjen. En do? Italianen binne net sa fan de koarte broeken haw ik wolris heard.....

Hoe dan ek. Myn Napoli-kampioensbermuda hinget al te triljen yn de kast. Kin net wachtsje om him oan te lûken, mar wol ek net dat it ûngelok bringt. No 't wy it der oer hawwe ferliest Napoli yn ien kear fan Lazio Roma. No al nocht oan 7 maaie; Napoli – Fiorentina! Forza Napoli!

## In fruitmandsje bringe by Pieter Sijtsma

By SDS 1 misse wy Pieter Sijtsma al in pear wiken. Wy sjogge him wol op it sportkompleks, mar net op it fjild. Wat is der oan de hân?

### Wêr hast lêst fan?

De rjochterknibbel

### Hoe hast dat sa krigen?

Yn de wedstriid tsjin WPB thús. Ik soe fuortdraaie nei in yngooi en it gong foar myn knibbel allegear even wat te snel.



### Fernaamdest doe lyk dat it mis wie?

Ja, ik wie yn de draai en ik sakke der trochhinne, dernei gelyk bêste pine.

### Hoe no fierder?

Ik mei 15 maart nei de orthopeed yn Hearrefean, die sil syn miening der efkes oer jaan en dan sjogge we hoe we it fierder oanpakke. Meerdink en de fysio tinke dat de meniskus in klapper krigen hat en at der no miskien in skuor yn sit. At dat sa is dan sil de orthopeed wol sizze dat it in sjochoperaasje wurd.

### Giest ek nei de fysio?

Ja elke moandei en tongersdei rin ik bij de fysio yn Wommels.

### Wannear ferwachteto wer op it fuotbal fjild te stean?

Hinget in bytsje fan 15 maart ôf. Mar ik hoopje wer sa snel as mooglik.

### Wat misto no it meast no asto net fuotbalje kinst?

Klaaikeamerhumor. It trainen op tiisdei en tongersdei, mar foaral it tegearre fuotbaljen op de sneon en dêrnei it fertsjinne bierke nei de wedstriid. It spulstje is gewoan te moai om oan de sydkant te stean.

### Pieter, in protte sukses mei dyn herstel!

Wy hoopje dy gau wer op it fuotbal fjild te sjen!

**Sjoch foar al it aktuele  
SDS-nijs elke dei op  
[www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl)!**

## In kraammandsje bringe by Henk Postma

Sneon 28 jannewaris hawwe Henk Postma en syn freondinne Afke Walda in lytse poppe krigen. Nei Jesse en Tiemen kaam der no in famke; Mirthe Grietje. Wy binne benijd hoe as it mei harren giet.



### **Op 28 jannewaris hawwe jim lytse Mirthe Grietje krigen. Hoe giet it mei Mirthe en mem?**

It giet hiel goed. Mirthe drinkt, sliept en skyt goed. Al kin dat sliepen altyd better. Mei mem giet it ek goed. Nei trije dagen stapte se alwer op de fyts.

### **Gjin lêst fan brutsen nachten?**

De nachten binne ûnderbrutsen, mar dêr hawwe wy yn it ferline al twa kear ûnderfining mei hân. Gelokkich wurde de dagen wer wat langer. Dan stappe je moarns dochs lekkerder út bêd.

### **Kinne de jongens harren wat fermeitsje mei harren lytse suske?**

Jesse hie leaver in broerke krigen. Dat rôp hy al tidens it swierwêzen. No in oantal wiken fierder fynt hy dit dochs eins ek wol moai.

Tiemen is wat jaloersk. Hy mist wat oandacht dy hy earder wol krige. Mut der mar efkes oan wenne :)

### **Kinne wy Mirthe fêst ynskriuwe foar it frouljusfuotbaljen by SDS?**

As se fan har broers en famylje Postma hat, sit de kâns der grut yn dat se letter fuotbaljen giet. Mem is it der net hielendal mei iens. Haha.

### **Of sil se by it korps?**

Dat is yndie hoe mem der oer tinkt. Mar dy sjocht har ek wol op in hynder sitten. Net myn hobby.

### **Wolst oars noch wat kwyt?**

Wat Mirte letter ek dwaan giet, sûnens is it belangrykst. Sjoch mar om dy hinne: ierdbevings, oarloch, sykten.. Do wurdst eltse dei mei de noas op de feiten drukt. De iene of de oare sport is dan mar bysaak.

Mar noflik genietsje fan lytse Mirthe!

Wy hoopje har gauris oan de line te sjen by SDS 5 mei har broers en har mem.

(WW)

## Persoanlik

Wy stelle jim graach foar oan:

Redmar de Boer



|  |                                  |
|--|----------------------------------|
| <b>Namme</b>                           | Redmar de Boer                   |
| <b>Berne</b>                           | 25-03-2014                       |
| <b>Yn Wommels, Easterein as....</b>    | Snits                            |
| <b>Skoalle</b>                         | It Fûnemint                      |
| <b>By SDS sûnt</b>                     | Septimber 2020                   |
| <b>Team</b>                            | JO9-1                            |
| <b>Gjin fuotbal, dan...</b>            | Lego bouwe en bûten boartsje     |
| <b>Favorite klup Nederlân</b>          | Ajax                             |
| <b>Favorite klup bûtenlân</b>          | Real Madrid                      |
| <b>Beste trainer</b>                   | Robert Sijbesma en Ewout de Boer |
| <b>Beste fuotballer yn Nederlân</b>    | Dusan Tadic                      |
| <b>Beste fuotballer yn it bûtenlân</b> | Christiano Ronaldo               |
| <b>Favorite fuotballer SDS</b>         | Omke Jurjen en Omke Arjen Los    |
| <b>Beste keeper</b>                    | Mark Klijsma                     |
| <b>Favorite posysje</b>                | Middenfjild                      |
| <b>Sterkste punt</b>                   | Oerspylje                        |



|   |  |
|---|--|
| <b>Swakste punt</b>                       | Steekpass                              |
| <b>Moaiste stadion</b>                    | Johan Crujff Arena                     |
| <b>Idoal</b>                              | Flemming                               |
| <b>Hichtepunt</b>                         | Mei keatsen de 2de prijs wun           |
| <b>Djiptepunt</b>                         | Penalty missen                         |
| <b>Moaiste goal</b>                       | De bal yn de kruising                  |
| <b>Skoudertriuw as tackel?</b>            | Tackel                                 |
| <b>Boas om</b>                            | Dat de skeidsrjochter partijdig is     |
| <b>Flinters yn de búk fan</b>             | Gjin ien                               |
| <b>Tillevysje</b>                         | Gelaarsde kat                          |
| <b>Muzyk</b>                              | Flemming (Paracetamollen)              |
| <b>Lekkerste iten</b>                     | Patat                                  |
| <b>Minst lekkere iten</b>                 | Sprútsjes                              |
| <b>Bakje patat of broadsje sún?</b>       | Bakje patat                            |
| <b>Drinken</b>                            | AA drink                               |
| <b>Spulkompjoeter of bûten boartsje</b>   | Buten boartsje                         |
| <b>As ik skoar dan fier ik dat sa....</b> | Juichen                                |
| <b>Cambuur of SC Heerenveen?</b>          | Ajax                                   |
| <b>Kampioen Eredivisie 2022-2023?</b>     | Oo uhh Cambuur                         |
| <b>Moaiste sjurt</b>                      | S.D.S.                                 |
| <b>Lelijkste sjurt</b>                    | Sc Heerenveen                          |
| <b>Fuotbalskuon</b>                       | Adidas                                 |
| <b>Rjochts of lofts?</b>                  | Rjochts                                |
| <b>Gers of keunstgers?</b>                | Gers want dan kin je lekker vies wurde |
| <b>At ik letter grut bin dan....</b>      | Wurd ik topspiler van S.D.S.           |

# In fruitmandsje bringe by Tom Wijnia

By de wedstriid SDS 2 – Leeuwarder Zwaluwen  
O23 stie Tom Wijnia net yn it fjild om 't hy op  
wintersport wie. Nei de wedstriid wie syn heit yn  
de kantine en hie 2 miste oproepen op syn  
tillefoan. It sil dochs net?



## Wêr hast lêst fan?

Ik haw lest fan myn linker pols, dy is nammentlik  
brutsen op de earste dei fan myn wintersport

## Hoe hast dat sa krigen?

Dat is kommen troch snowboarden, soe efkes in wike mei de studyferiening op  
wintersport. We kamen sneon betider oan dan ferwachte yn Via Lattea en  
krigen te hearren dat wy ek daliks dy dei wol de pyste op koenen.

Spitergenôch duorre it noch wol in dei foardat myn snowboardlessen begjinne  
soenen, mar omdat ik mei maten al in kear nei in indoor skihal yn Dútslân west  
wie om it te learen fertroude ik it wol. It gong allegearre ek wol aardich, efkes  
ynkomme mar de basis siet der wol yn. Nei in lange earste dei soe ik yn plak  
fan alfêst nei de apres sky noch efkes ien lêste kear mei de iets mear erfaren  
jonges nei beneden gear. Ik murk al dat it dit kear wat mindere pystes wienen  
en ik de fokus wat kwyt begûn te reitsjen. By de allerlêste ôfdaling wêr't ik  
allinnich mar tusken in warskôgingsflagge en de sydkant fan de pyste  
trochgean moast gie ik ûnderút en klapte myn hân raar dûbeld.

## Fernaamdest doe lyk dat it mis wie?

Ik fiede daliks in protte pine. Ik tocht moat mar efkes lizzen bliuwe en seach de  
senario's mei de ambulânsesnieskooters al foar my. Mar dat wie mear foar de  
grap, dit wie ek lang net de earste kear dat ik dy dei ûnderút gie. Ik tocht dat ik  
de pols gewoan ferrekt hie mar letter koe ik myn pols amper noch bewege. In  
maat fan my kaam oanrinnen om te freegjen hoe it gong, doe't hy myn wante  
wer oandwaan soe kaam ik dochs wol ta de konklúzje dat it yn elts gefal foar  
hjoed wol klear wie. Doe't ik yn de lift nei beneden gie en ien kear by it hotel  
wie hie ik wol aardich wat takomstige fysioterapeuten yn de buert dy't my wol  
helpe koenen. Dy segen it al tsjuster yn en doe sakke my de hoop ek wat yn  
de skuon.

## Hoe no fierder?

De jûns en moarns dernei bin ik mei in taksy nei ien of oar suterige Italiaanske  
Spoedeisende Hulp west wêr't röntgens makke binne en ik nei lang wachtsjen  
gips krige. Der waart dúdlik dat ik in 'colles fractuur' haw, de speakbonke krekt  
ûnder de kop hielendal brutsen. De rest fan de wike haw ik mar wat útslept,  
boeklêzen en bin ik om in oere als 11:30 mei de lift omheech gong bij Sportinia  
om dêr op de pyste it terras op te gear. Der wienen nammentlik de hiele dei

wol ferskillende groepkes fan de studyferiening dy't efkes chille woenen, ek de apres sky koe ik noch wol aardich meipakke. Alsnoch haw ik in leuke wike hân mar miste de pystes ôf gean wol hiel bot. Ik hie daliks wol yn 'e gaten dat ik it mar better akseptearje koe en der noch mar efkes it moaiste der fan meitsje moast.

### **Wannear ferwachtesto wer op it fuotbalfjild te stean?**

Ik sil yn Nederlân op myn heit syn wurk myn pols wer efkes kontrolearje litte. Ik bin bang dat oer sa'n seis wike it gips der pas hielendal ôf kin. Oant dan sil ik eigentlik alles mei ien hân dwaan moatte, lokkich haw ik myn linkerpols brutsen (bin rjochtshandich). Oant dan moat ik mar efkes hurddrive of sa en thús de bal heechhâlde om myn foarm wat te behâlden, duels oangean oant dan liket mij net ferstannich. Miskien wol dat foardat dy seis wike om binne der wat sportiver/ minder stiif gips omhinne kin, sadat ik in bytsje earder wer los kin op it fuotbalfjild.

**By dyn heit op it wurk sille se it fêst kreas foarelkoar meitsje.**

**In protte sukses mei dyn herstel!**

**Wy hoopje dy gau wer op it fuotbalfjild te sjen!**

(WW)

---

## **Sparje foar in pannakoai**

It liket der hieltiten mear op dat de ljochten foar in pannakoai by SDS op grien gean.

No moat der noch al fjild op tafel komme om de pannakoai betelje te kinnen.

Sûnt der staasjejild op lytse plestik fleskes sit stiet der yn de kantine in spesjale kontener wêr as dizze fleskes yn kinne.

De opbringst is foar it realisieren fan in pannakoai.

Allegear sparje dus!

Je kinne ek thús sparje en se by SDS yn de kontener dwaan.

Dan hawwe wy alfêst in begjin.

Yn de folgende Treffer mear nijs oer de pannakoai.



## SDS -Look-a-likes(36)

Fine jim in SDS'er op in fuotballer, in bekende Nederlander, in Dútsjer, in blomkoal, Doutzen Kroes of oars ien of wat lykjen mail ús dan in foto. It leafst fansels ek efkes mei de foto op wa 't jim degene lykjen fine. Wy binne hiel benijd. Mail jim SDS-Look-a-like nei [DeTreffer@vv-sds.nl](mailto:DeTreffer@vv-sds.nl)  
Dizze kear mei tank oan Alyssa Veenje en Jelte-Pieter Dijkstra.

### Tarina Veenje as Mr. Frank Visser



### Tom Wijnia as Jasper de Boer (VVO):



### Marrit Hiemstra as Lieke Klaver (hurdrinster):



## Slút je oan by GEKE en stypje SDS!

Sa't jimme witte is der fanút doarpsbelang Hâld Faesje fan Easterein in enerzjy koöperaasje oprjochte:

Griene Enerzjy Kooperasje Easterien. GEKE

### Wat wolle sy?

GEKE hat as doel it befoarderjen fan de leefberens en duorsumens yn Easterein.

### Mar hoe wurket dat dan?

GEKE is 'wederverkoper' fan stroom en gas fan Energie VanOns. Dit is in enerzjyleveransier dy't oprjochte is troch alle koöperaasjes meiinoar út Fryslan, Grins en Drinte. Energie VanOns keapet stroom en gas regionaal yn en lit de opbringsten fia de koöperaasjes werom floeie nei de doarpen. GEKE kriget as wederverkoper € 75,- per oanslúting per jier. Mei dit jild kinne we projekten dwaan om in duorsum doarp te wurden, mar we kinne it ek breder ynsette troch ferienings finansjeel te helpen om sa de leefberens te befoarderjen.

### Wat is it idee?

GEKE wol yn gearwurking mei de ferienings fan Easterein sjen om safolle mooglik leden te krijen. It idee is dat elke feriening syn leden freget mei stroom en gas oer te stappen nei GEKE. De fergoeding foar de feriening is € 37,50 per oanslúting en € 37,50 euro is foar GEKE dy't dit ynsette sil foar de duorsumens yn Easterein. Dus stappe der 10 leden oer dan krijt SDS € 375,- per jier.

Wy tinke mei GEKE dat dit in prachtige manier is om oan ekstra sinten te kommen foar SDS! SDS is fan doel om dit jild te reservearen foar b.f. in pannakoai of mei de tiid in nije toplaag foar it keunstgersfjild.

Binne jo ynteressearre meldt je dan sa gau as mooglik oan by GEKE oan op de mail fia: [info@geke-easterein.nl](mailto:info@geke-easterein.nl) en jou oan dat je SDS stypje wolle!

Binne der fragen, as wolle jimme dat ien fan GEKE del komt om dit fierder ta te ljochtsjen, sjoch dan op de webside fan GEKE (<http://www.geke-easterein.nl/>) of nim kontakt op mei ien fan de bestjoersleden fan GEKE: Fedde Wiersma, Gerrit Bergsma, Johannes Dijkstra, en Marcel Janssen

**GEKE** GRIENE ENERZJY  
KOÖPERAASJE EASTEREIN

**VanOns**

## Johan Derksen yn it Dielshûs yn Wommels



**za 29  
APRIL  
20.00u**  
It Dielshûs  
Wommels

**TALKSHOW**

**Johan Derksen  
& sidekick  
Eddy vd Ley**

**NA AFLOOP  
LIVE MUZIK  
VAN GERIT  
POORTINGA  
& TIM DE VRIES**

euro  
25

VOORVERKOOP

It Snackhûs  
Drogisterij Fizel  
VV SDS

Ald-SDS'er Klaas Westra hat regele dat Johan Derksen sneon 29 april yn it Dielshûs yn Wommels komt. Johan Derksen kinne jim fêst wol fan tillevysje en hy hat dêrneist yn de jierren 70 û.o. by Haarlem, Veendam en Cambuur fuotballe. Dêrneist hat hy lang in kollum hân yn de Voetbal International en is hy dêr haadredakteur west. Johan Derksen stiet tsjintwurdich foaral bekend om syn tillevysje-optreden by Voetbal-Inside en dêrby syn útsprutsen miening. Ek is hy grut bluesleafhawwer en organisearret hy elts jier yn Grolloo in grut bluesfestival. Yn 2008 wie Johan Derksen noch by SDS op de sponserjûn. Kaarten binne te krijen by de DA-Fizel en It Snackhûs yn Wommels.



*Gjin sprút feroare.*

# Neikompetyse

Om de KNVB-pyramide better foarm te jaan hat de KNVB betocht om mear legere klassen te realisieren en minder hegere klassen. Dit hat as gefolch dat der mear klups degradere moatte. Hjirûnder kinne jim sjen hoe as dit foar de 3e-Klassen betocht binne wêr as SDS 1 ek yn fuotballet.

## 3e klasse A t/m D

- De kampioenen promoveren naar de 2e klasse van het zaterdagvoetbal.
- De periodekampioenen spelen volgens een hiervoor vastgesteld schema samen met de nummers 9, 10 en 11 van de 2e klassen K en L een nacompetitie voor twee plaatsen in de 2e klasse.
- De nummers 9, 10 en 11 zijn herkanser en spelen volgens een vastgesteld schema samen met de periodekampioenen van de 4e klasse A t/m D een nacompetitie voor vijf plaatsen in de 3e klasse.
- De nummers 12, 13 en 14 degraderen naar de 4e klasse.

## Neikompetyse:

| 1 <sup>e</sup> ronde – 3 juni 2023 |                                    |
|------------------------------------|------------------------------------|
| a)                                 | 1 na hoogste PK 4A – Laagste PK 4B |
| b)                                 | 1 na hoogste PK 4B – Laagste PK 4A |
| c)                                 | 1 na hoogste PK 4C – Laagste PK 4D |
| d)                                 | 1 na hoogste PK 4D – Laagste PK 4C |

| Finales – 17 juni 2023 (neutraal terrein) |                       |
|---|-----------------------|
| o)  | Winnaar e – Winnaar m |
| q)  | Winnaar f – Winnaar n |
| r)  | Winnaar g – Winnaar k |
| s)  | Winnaar h – Winnaar l |
|   | Winnaar i – Winnaar j |

| 2 <sup>e</sup> ronde – 10 juni 2023 |                           |
|-------------------------------------|---------------------------|
| e)                                  | Nr. 9 3A - Winnaar a      |
| f)                                  | Nr. 9 3B - Winnaar b      |
| g)                                  | Nr. 9 3C - Winnaar c      |
| h)                                  | Nr. 9 3D - Winnaar d      |
| i)                                  | Hoogste PK 4A – Nr. 11 3A |
| j)                                  | Hoogste PK 4B – Nr. 11 3B |
| k)                                  | Hoogste PK 4C – Nr. 11 3C |
| l)                                  | Hoogste PK 4D – Nr. 11 3D |
| m)                                  | Nr. 10 3A – Nr. 10 3B     |
| n)                                  | Nr. 10 3D – Nr. 10 3C     |

De winners fan de finales gean (of bliuwe) yn de 3e-Klasse en alle ferliezers geane nei de 4e-Klasse.

As je it skema goed besjogge dan sjogge je dat der út de 3e-Klasse A sawisa 4 klups degradere. 3 streekjocht en sawisa ien fia de neikompetyse.

De finales fan de neikompetyse binne op sneon 17 juny, mei de Wommelser Feesten. Dit liket ús in prima motivaasje foar SDS 1 om net yn de neikompetyse te bedarjen. 😊

## Ut de âlde doaze

In lieder fan in (senioren) team hat it hjoed-de-dei net maklik. It heart bij de tiid seit men, dat fuotbal frijbljuwend wurden is. Dat frijbljuwende levert stress op bij lieders dy't teams net kompleet krije kinne.

Dat wie 25 jier lyn wol oars. Wij sjogge yn de Treffer fan desimber 1997 (25 jier lyn ) in lieder mei hiele oare stress

*In "lieder"*

*Nei dat it 1êste fluitsje fan de skeids klonken hat, begjint foar de lieder de folgjende wedstriid al wer. De sjurtsjes moatte wer skjin (wa biedt him frijwillich oan) de tiid moat wer ôfpraten wurde (hoeft by feteranen noch krekt net op in briefke) en de earste ôfsizzingen kinne soms al yn myn boekje skreaun wurde. Op moandei de earste echte aksje. Omdat der twa doelmannen binne en omdat dy beide hast nea ôfsizze, moat ik altiten ien ôfbelje en ien opbelje. Let op it ferskil.*

*De skiedsrjochter moat ek regele wurde en myn fraach oan Teake, komt meast net ûnferwachte.*

*Teake hat it leafst dat je op tiisdei belje want dan hat hy syn plannen foar de sneon klear.*

*Of hij giet sels fuort te sjitten of hy sjocht se ús der ynsjitten.*

*Op dizze tiisdei komt Teake al lâns om te sizzen dat hy fuort giet te sjitten.*

*Sjit, sis ik dan tsjin my sels, en besykje ik Keimpe. In skot yn de roas: hy is der.*

*Op woansdei begjint it by my al wat te draaien yn de holle, wat ik haw noch altiten 15 man. Ik begjin my al ûngerêst te meitsjen: der sil dochs wol ien siik wêze, of ferhúzje, of lêst fan de knibbel hawwe? It sil dochs net sa wêze dat wy sneon mei 15 man steane. At ik woansdeitejûn let thús komt, hat Ferrie foar miskien ien helt ôfsein. It is in begjin mar net genôch want sa bliuwe it noch 4 wiksels.*

*Op tongersdei begjint by my de stress (net allinne op it wurk) ta te slaan.*

*At ik jûns 10 oere ûnderweis fanút Winschoten nei Wommels de kantine skilje jou ik Anne oan dat ik gjin probleem haw (15 man) mar ik sjoch grutte problemen oankomme.*

*Freed om 5 oere begjinne myn húsgenoaten al te pleagjen want der binne noch altiten te folle.*

*Ik harkje it antwurdapparaat nochris ôf , mar nee hear.*

*Wylst ik om 6 oere de earste hap fan de Pizza nim, giet de tillefoan.*

*Oars rop ik meast tsjin de bern dat ik der net bin (oerdei krij ik tillefoan genôch, wy binne al goed fersekere en it sparlean doch ik ek al oan mei) mar dizze kear bin ik sa bliid as wat at Anne-Marije (myn wedstriidsikretaresse) seit dat it Rienk is. Ik fleurje suver op at ik yn de gaten krij dat Rienk noch oan it bekommen is fan syn jetlek en troch kondysje efterstân wol frij wol Tefreden gean ik fierder mei myn Pizza. By de tredde hap is der al wer tillefoan. By de namme Lolke wit ik dat it myn broer net is mar Okkema. Hy ferhuzet en it komt*



him min it. Dit giet my hurd genôch. At Lolke en Ferrie beide net meidogge wa moat dan de doelpunten meitsje?

Ik begjin no wer ûnrêstich te wurden. Kinne wy it sa rêde? Komt Ferrie wol?

Moat ik Rienk dochts noch benaderje? It is wol in topper tsjin Workum!

Om goed 8 oere al wer tillefoan. In spiler dy't net ôfseit, mar belangstellend freget hoe't it liket, wa't meidogge en noch in gouden tip hat. Jaap Jaarsma soe tige graach efter de bal oandrive wolle (ynstee fan efter de skiep) en koe net mei it tredde omdat dat te let wie op 'e middei. Jaap kin yn alle gefallen in helte meidwaan stel ik him foar.

No wurdt it hast tiid om de opstelling te meitsjen en de formulieren al fêst yn te fullen.

Flak foar de wedstiid is it altiten wichtich om te sjen wa't op tiid is. De Lollumers binne nei Gelf de earsten. Jurjen en Sjoerd binne de lêsten. Sjoerd hie yn de ferhuzerij de skuon goed opburgen. Ferrie is der wol. De opstelling moat om. Frijwilligers om te wikseljen binne der altiten, Mar wy wolle op ús sterkst.

Ferlies mei 1-2 nei in prima wedstriid. Workum is in fantastyske ploech en wol wat better. Wy krije kânsen genôch mar it meitsjen giet allinne Jan van Asselt goed ôf.

Henk Baarda lit him ferfange (nei in bal yn syn s..dsje) en Klaas Kamstra keart in oantal sekere doelpunten. Formulieren noch in kear ynfulle en tefreden konstatare ik dat elkenien dochts wol in foldien gefoel hat en ik ferwachtsje dat de measten jûn lekker op de bank lizze en net folle nocht mear hawwe oan oare saken nei 3 goede helten.



1994-1995 SDS 35 +  
steand: Sido de Vries (sponser), Gelf Eringa, Aant Hofstra, Hendrik Baarda, Philippus Hingst,  
Sjoerd Feenstra, Klaas Molenaar, Sjoerd Postma, Remco de Vries(sponser)  
op hurken: Jan van Asselt, Tamme de Boer, Harrie Oosterman, Roel Sijbesma, Jelle de Boer,  
Ferdië Duipmans

## Doelpunten

De fjouwer seniorenalvetallen fan SDS hawwe op dit stuit 57 wedstriden spile en 125 kear skoard (soms mei help fan de tsjinstanner). De 5 doelpunten dy't SDS 4 makke tsjin ONS 5, dat út de kompetysje gien is, hawwe wij fansels stean litten

|            |      |      |      |      |      |
|------------|------|------|------|------|------|
| team       | 1    | 2    | 4    | 5    |      |
| doelpunten | 25   | 29   | 30   | 41   | 125  |
| wedstriden | 16   | 16   | 14   | 11   | 57   |
| gemiddeld  | 1,56 | 1,81 | 2,14 | 3,73 | 2,19 |

Fan dy 125 doelpunten binne de measte doelpunten skoard troch SDS 5. Dirk Yde Sjaarda skoart de lêste tiid net folle, mar liket ûnbedrige topskoarder fan dit seizoen te wurden. Of komt Jelmer Posthumus dy't fan SDS 3 nei SDS 1 gien is ek noch op skot yn it earste. Stan Korbach, Arjen Los en Peter Sijbesma kinne de dûbele sifers maklik helje dit seizoen.

Topskoarders per team

|                  | team | oantal |
|------------------|------|--------|
| Stan Korbach     | 1    | 7      |
| Arjen Los        | 2    | 7      |
| Jelmer Posthumus | 3    | 6      |
| Wiltsje Aardema  | 4    | 5      |
| Dirk Yde Sjaarda | 5    | 13     |

Fanôf 2006-2007 kinne wij de topskoarderslist weromfine op ús side. Hjr ûnder stean de toppers fan doe:

|           |            |             |    |
|-----------|------------|-------------|----|
| Ype       | Tiemersma  | V           | 24 |
| Gerlof    | Veldstra   | III V VI    | 16 |
| Harm Auke | Dijkstra   | V enVI      | 15 |
| Wichard   | Deinum     | II en III   | 12 |
| Bote      | Strikwerda | II III V VI | 9  |
| Dirk de   | Jong       | II en III   | 9  |

## Doelpuntenmakers senioaren kompetysje 2022-2023

| namme               | 1 | 2 | 3 | 4 | 5  | Totaal |
|---------------------|---|---|---|---|----|--------|
| Dirk Yde Sjaarda    |   |   |   | 1 | 13 | 14     |
| Jelmer Posthumus    | 1 | 2 | 6 |   |    | 9      |
| Stan Korbach        | 7 |   |   |   |    | 7      |
| Arjen Los           |   | 7 |   |   |    | 7      |
| Peter Sijbesma      |   |   |   |   | 7  | 7      |
| Lourens van der Pol | 6 |   |   |   |    | 6      |
| Robert Sijbesma     |   |   |   |   | 6  | 6      |
| Wiltse Aardema      |   |   |   | 5 |    | 5      |
| Feite de Haan       |   |   |   |   | 5  | 5      |
| Jurjen Los          |   | 4 |   |   |    | 4      |
| Tim Sweering        |   | 3 |   | 1 |    | 4      |
| Mark Postma         |   |   | 2 |   | 2  | 4      |
| Ate Schaap          |   |   |   | 4 |    | 4      |
| Kevin de Haan       | 2 | 1 |   |   |    | 3      |
| Bauke Dijkstra      |   | 3 |   |   |    | 3      |
| Anne Stenekes       |   | 2 | 1 |   |    | 3      |
| Aiso Agricola       |   |   |   | 3 |    | 3      |
| Leon de Wit         |   |   |   | 3 |    | 3      |
| Gerben Gerbrandy    |   |   |   | 3 |    | 3      |
| Harm Stremmer       |   |   |   |   | 3  | 3      |
| Pieter Sijtsma      | 2 |   |   |   |    | 2      |
| Steven van der Pol  |   | 2 |   |   |    | 2      |
| Tjipke Okkema       |   |   | 1 |   | 1  | 2      |
| Sije van der Schaar |   |   |   | 2 |    | 2      |
| Kees Sandstra       |   |   |   | 2 |    | 2      |
| Niels Janssen       |   |   |   | 2 |    | 2      |

Neist dizze 25 doelpuntenmakers binne der noch 16 spilers dy't ien kear skoard hawwe. Jim kinne dat op de wepside weromfine

# It seizoen mei syn allen passend ôfslúte

Sneon 27 maaie is alwer de lêste wedstriid fan it seizoen en neffens tradysje liket it wol is it wer ris tsjin Oudehaske 1. Wy hawwe Sipke de Boer ree fûn om in alderaardichst stikje muzyk te spyljen en der is in barbekjoe om it seizoen mei syn allen passend ôf te slúten. De barbekjoe is foar stipers en frijwilligers fergees. Mei de tiid kinne je je opjaan fia de webside fan SDS ([www.vv-sds.nl](http://www.vv-sds.nl)).

**S.D.S.**

**27 MEI • AANVANG 14.30 UUR**

Mei nei de tiid muzyk fan Sipke de Boer

En in barbecue!

**SDS 1**

**Oudehaske**

Jen je op foar de barbecue fia [vv-sds.nl](http://vv-sds.nl)!

**3e KLASSE A KNVB**

**SPORTCOMPLEX "DE SKOALLESEIZE" EASTEREIN**

**HOOFDSPONSOR**

**VDE**

grafische groep van der eems

**WEDSTRIJDSPONSORS**

Sporthal & Sportkafé

De Greidhoeke

**AUTOBEDRIJF**

Theunis Hofstee

## Aginda

| Wannear? | Wat ?   |
|----------|---|
| 11 maart | SDS 1 – Oeverzwaluwen 1   |
| 18 maart | Heeg 1 - SDS 1  |
| 18 maart | SDS 5 mei de bus nei Hylpen foar Hylpen 2 – SDS 5   |
| 25 maart | SDS 1 – Makkum 1  |
| 30 maart | SDS-ledengearkomst om 20.30 oere  |
| 31 maart | FIFA-toernoai foar de jeugd oant en mei .....   |
| 1 april  | SVM 1 – SDS 1   |
| 7 april  | Sponserrin by sc Heerenveen   |
| 8 april  | Ynhelprogramma  |
| 15 april | SDS – CVVO 1  |
| 22 april | Sf Deinum 1 – SDS 1   |
| 29 april | SDS 1 – sc Bolsward 1   |
| 29 april | Johan Derksen yn it Dielshûs yn Wommels   |
| 6 maaie  | Ynhelprogramma  |
| 7 maaie  | Napoli - Fiorentina   |
| 13 maaie | SDS 1 – Heerenveense Boys 1   |
| 20 maaie | Waterpoort Boys 1 – SDS 1   |
| 26 maaie | SDS Vr.1 7x7 spilet thús  |
| 27 maaie | SDS 1 – Oudehaske 1. Lêste kompetysjewedstriid mei nei de tiid barbekjoe en muzyk fan Sipke de Boer |
| 24 juny  | Midsimmercup yn Dronryp   |





# drive

We trekken graag een sprintje om aan uw wensen te voldoen. Uw drukwerk regelen wij vol kracht en overgave. Wij gaan ervoor en hebben er plezier in. Dat is onze kracht. Enthousiasme voedt ons bloed. Van begin tot eind werkt ons team van bevolgen, betrokken toppers aan uw product. Het eindresultaat telt, maar ook de weg ernaar toe. Prestatie vloeit voort uit passie, gedrevenheid en betrokkenheid. Wij denken graag met u mee, want samen komen we verder. Welkom bij Van der Eems.



grafische groep van der eems

VANDEREEMS.NL EASTEREIN / HEERENVEEN